

# DOARPSNIJS

Nûmer 489 novimber 2024

# KOLOFON

**"Doarpsnijs"** is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.
**It earste krantsje** kaam út yn april 1982.

**De redaksje:**

| | | |
|---|---|---|
| Wiepkje Holtrop | Lyklamawei 49 | 571310 |
| Hedwig Beukens | Hege Bouwen 2a | 572278 |
| Annie de Kleine | Lyklamawei 34 | 571364 |
| Jantsje Akkerman | Lyklamawei 27 | 571889 |
| Coby Hospes | Hurddraversdyk 95 | De Jouwer |
| | korrespondint om útens | 06 41696781 |
| Rianne Witteveen | Wytlansdykje 10 | yllustrator |
| Sjoukje Kramer | Wissebuurt 12 | yn elkoarsetter |

**E-mailadres:** redaksje.doarpsnijs@gmail.com
**Website:** www.nijemardum.nl




**It bestjoer fan Doarpsbelang:**

| | | |
|---|---|---|
| Paul Rienstra (voorz) | Lyklamawei 39 | 571652 |
| Jellie Zijlstra (secr) | Lyklamawei 4 | 0654612587 |
| Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com | | |
| Tom Wezepoel | Lyklamawei 55 | 0620275676 |
| (penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159) | | |
| Jelle Siemonsma | Nij-Amerika 16 | |
| Thys Laffra | Omrin 4 | 571551 |
| Mieke Koot | Lyklamawei 36 | 0654238830 |

**E-mailadres buertplysje:** patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl
**Wykbehearder gemeente:** r.zijlstra@defryskemarren.nl, 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

## STOARN

Op 9 novimber is Jo de Jong-van der Goot yn Balk stoarn; sy is 89 jier âld wurden.

## NIJE YNWENNERS



Frea Beuckens is mei har famke Rixt op de Omrin 18 komd te wenjen.

## COLLECTES

De collecte van de Brandwondenstichting, gehouden van 6 t/m 12 oktober heeft in Nijemirdum het mooie bedrag van totaal € 326,71 opgebracht
Hiervan ging € 30 via de QR code.
Collectanten en gevers, ook namens de Brandwondenstichting, heel hartelijk dank!!!!

De collecte Alzheimer Nederland, die gehouden werd van 3 t/m 9 november heeft in Nijemirdum het prachtige totaalbedrag van € 486,37 opgebracht
Dit is inclusief € 44.01 via QR code.
Collectanten en gevers, ook namens Alzheimer Nederland, heel hartelijk dank !!!

*Jannie Feenstra- de Jong*

## SINTERKLAAS



29 november tijdens de snackavond kunnen de schoenen opgezet worden door de kinderen t/m de basisschool in het dorpshuis.
30 november 19.00 uur aankomst sinterklaas in het dorpshuis met aansluitend oudhollandse spellen, lootjes en uiteraard het draaiend rad met schitterende prijzen!
U bent allen van harte welkom!

## OUDJAARSNACHT EN NIEUWJAARSDAG



Ook dit jaar zal het dorpshuis **oudjaarsnacht** om 0.15 uur open zijn om elkaar de beste wensen toe te wensen en een gezellig feestje te vieren.
Voor de muziek wordt gezorgd en bij binnenkomst ontvangt iedereen 2 muntjes namens de Lokaalvereniging om te proosten op het nieuwe jaar!
U bent allen van harte welkom!

**Nieuwjaarsdag** om 17.00 is het dorpshuis wederom geopend zodat je zelf niet hoeft te koken maar lekker even kunt snacken. Uiteraard ook afhalen mogelijk!

*De lokaalvereniging*

## SNACKAVOND



Op de laatste vrijdagen van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks.
tel. 0514-571 428
Schrijf het maar in je agenda:
vrijdag 29 november.
En nu ook woensdag 1 januari, nieuwjaarsdag

## KLAVERJASTOERNOOI VAN NIJEMARDUM

Zaterdag 28 december 2024

We spelen in 7 ronden om mooie prijzen en natuurlijk de wisselbeker.

Inloop vanaf 14.00 uur



Aanvang: 14.30 uur
Einde ca. 22.30 uur

Kosten € 20,- pp (Koffie, koek en warme maaltijd)

**Opgave:**
*Hendrik Postma* 06-15601464 hendrik@buma.com
*Wiebren Hoekstra* 06-18854056 hoekstraww@gmail.com

*Dorpshuis Nijemirdum*

## WA BIN IK?

Diskear al wer in makje! Wat in protte goede oplossings nl. Saskia van der Linde! Saskia is fansels de frou fan de ferneamde Hollânske skilder Rembrandt út de 17e ieu. De lindebeam hat ferskillende symboalyske betsjuttingen, ien derfan is de leafde.
It blêd fan de linde hat in hert-foarm en dêrom hjit dizze beam ek wol de beam fan de leafde.
De droege woarst fynt in plakje op Nij Amerika by Petra Mous, lekker ite !

**De frou fan dizze**

**hollânske skilder**

**skûlet ûnder de beam**

**fan de leafde**

**d'âlde is in**

**krúmproater…**

Wa is dit ?

Belje jimme oplossing nei: tel.571889

Of stjoer in mail nei:

Redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Jantsje

# OPENBAAR VERVOER




Eén van de zaken die volgens velen de leefbaarheid van het platteland aantasten is het openbaar vervoer, of liever gezegd het gebrek hieraan.
We zitten hier inmiddels een beetje met een kip/ei verhaal.
Verslechterd het openbaar vervoer omdat er te weinig reizigers zijn of gaat het aantal reizigers achteruit omdat het openbaar vervoer verslechterd?
Wat in ieder geval een feit is, is dat Qbuzz in de periode 15 december 2024 tot december 2034 het busvervoer in Friesland gaat verzorgen en dus ook in Nijemirdum.
Dit is de uitkomst van de openbare Europese aanbesteding van de provincie Fryslân.
Qbuzz bood fors meer openbaar vervoer dan nu het geval is, en won daarmee van de andere inschrijvers Arriva en EBS, aldus de provincie.
De aanbieding van Qbuzz kenmerkt zich door de volle inzet op het terugwinnen van reizigers en het aantrekken van nieuwe reizigers, zo stelt de provincie.
Voor de reiziger betekent het dat er een ruimere dienstregeling komt ten opzichte van 2023. Ook worden reistijden op de hoofdstructuur verkort, door de inzet van snellere verbindingen.
Ook komen er nieuwe rechtstreekse busverbindingen bij en betere aansluitingen op regionale en landelijke treindiensten.

Wat betekent bovenstaande concreet voor Nijemirdum?
Zonder volledig te zijn, de dienstregeling is ten tijde van dit schrijven nog niet online, geldt voor Nijemirdum in hoofdzaak:

Lijn 44 gaat een rechtstreekse verbinding vormen tussen Gaasterland en Sneek met een kortere reistijd en goede aansluiting op trein.
Met een aansluiting in Wijckel is er ook een snellere verbinding tussen Gaasterland en Heerenveen.

Er rijden meer bussen in de spits. En deze lijn rijdt in Bolsward door als lijn 92 naar Leeuwarden.
Wellicht komen we later nog terug op wat exactere veranderingen, maar wel willen we iedereen alvast wijzen op onderstaand actie van de provincie en Qbuzz.
Een mooie gelegenheid om het openbaar vervoer te (her)ontdekken.

Uit de Leeuwarder Courant van 13 november jl.

**Bus helft goedkoper tijdens de kerstvakantie.**

Passagiers kunnen in de kerstvakantie van 15 december tot 5 januari in Friesland voor de helft van de prijs met de bus reizen.

De provincie Fryslân en Qbuzz hebben deze kortingsactie opgezet. Het doel is om zoveel mogelijk reizigers kennis te laten maken met het openbaar vervoer en de nieuwe vervoerder.

Zoals bekend neemt Qbuzz op 15 december het Friese busvervoer voor de komende tien jaar over van Arriva.

Voor de actie is geen registratie of aanmelding nodig. Het tarief gaat automatisch door de helft ongeacht de lengte van de rit. De provincie trekt 300.000 euro uit voor de actie.

*Dorpsbelang*

# TIDEN HA TIDEN

Fanôf 2 novimber is ien fan de lêste winkels dy 't Nijemardum noch hie, ticht gien.



De winkel dêr't wy û.o ús sekjes hinne-, knine- en bargefoer en ek hynstebrok hellen.
Of in netsje Bildstar, mar ek Round up en as wy it wer ris yn de rêch hienen, in fleske wite oalje.
De w
inkel dêr't ek in moaie "romance" begûn
is.. (wêr't it heljen fan in sekje hinnefoer al net goed foar is).
Wy ha it hjir fansels oer de saak fan Runia Fourage.
"Good old" Gert Baukema hat dêr earder achter de baalje sitten, mar de ôfrûne jierren waarden wy meastal holpen troch Gerrit Age, en soms troch syn broer Martin.
Runia Fourage is in B.V en bestiet út de broers Gerrit Age en Martin Runia.
Fierder binne der noch twa zzp-ers oan it wurk en trije fertsjintwurdigers ynhierd fan De Heus, in foerfabryk út Snits.
Gerrit Age syn soan Thom hat krekt it "grut rydbewiis" helle en rint staazje by AVK. Hy helpt no ek mei.
Martin rydt op in bulk-auto en Gerrit Age docht it wurk thús.
**Wêrom ha jimme derfoar keazen om de "winkel" ticht te dwaan?**
Omdat we no hieltyd mear wurk krije fan AVK fan Balk.
**AVK? Wat dogge jimme der no krekt foar?**
By ús wurde der keunststofkrommels brocht yn "big bags". Dat is allegear "recycled" plestik. Sa as: kapotte túnstuollen, tafels en prullebakken. Alle ôffal dat fan plestik is wurdt fersnippere en dêr meitsje se by AVK yn Balk wer keunststof pallets fan.
Dy wurde hjir wer opslein en ophelle troch in soad bûtenlânske frachtweinen .

Sy ferfiere it wer nei û.o Spanje, Itaalje, Frankryk en Sweden.
Mar der bliuwt ek in hiel soad yn Nederlân hear.
It beslacht sa'n 20% fan ús wurk, de rest is allegear feefoer.

**Hoelang ha jimme dizze hannel no hân?**

Pake en Beppe Runia binne yn 1950 yn Sondel begûn, dêr't no Dykstra Meganisaasje sit.
Letter binne se nei Nijemardum ferhuze, neist it doarpshûs.
It wie in stikje service foar de boeren. Dy koenen hinne-, mar ek hûnefoer keapje en waskmiddel foar de overalls.
En sa is ús "winkel" einliks altyd bleaun; earst op de Lyklamawei, letter op Hoitebuorren en no al wer hiel lang op it Wytlânsdykje.
It kantoarwurk wie goed te kombinearjen mei de klanten oan de baalje.
Omdat wy no hieltyd mear wurk krije fan AVK, ha wy de kar makke om "de winkel" te sluten.




Ofrûne moandei slagge it my foar it earst om sûnder ûnderbrekking in frachtwein te laden. Ik hoegde net ien kear fan de heftruck ôf en dat fielde goed..
It kontakt mei de minsken hat altyd goed west en wy danke elkenien foar de klandyzje, mar tiden ha tiden.
Gerrit Age en Hendrikje bedankt foar dit iepen petear .
En blinder, we sille der no wol oan wenne moatte dat ús hinnefoer net mear yn de auto brocht wurdt. Dêr hast ús wol mei bedoarn Gerrit Age.
By de Welkoop sil fêst ek net sa'n moai skoalboerd hingje, dêr't wy ús namme en wat wy meinamen opsette koenen asto der net wiest. Ach ja, tiden ha tiden..

*Wiepkje*

# OALJEKOEKEN BESTELLE, IT KIN WER

Sint Marten is wer foarby en Sinteklaas is wer yn it lân, al is hy net sa fit, sjogge wy op it sjoernaal. Hooplik knapt hy wer wat op foardat it syn jierdei is. Oars bliuwt hy mar wat langer. Kin hy ek ris in lekkere oaljekoek ite; dy kriget hy yn Spanje net. Op âldjiersdei, tiisdei 31 desimber, geane wy wer los om foar elkenien wer hearlike oaljekoeken te bakken. Wy begjinne al betiid; de earsten binne om 8 oere wol brún. Dan kinne jim se al helje. De lêsten rûchelje oan 'e ein fan de moarn yn it fet, dus graach foar ienen de bestelling ophelje.

En dan it goede doel. Wy binne der noch net hielendal út, mar tsjin dy tiid hoopje wy it mei elkoar iens te wêzen. Jimme kinne it dan lêze op de affysjes dy't yn it bakhok efter de eardere slachterij op Lyklamawei 49 hingje.

It is wol handich om se yn it foar te bestellen. Dat kin troch ûndersteand strookje yn de brievebus fan ien fan ús te goaien of troch efkes in appke of tillefoantsje. Graach foar 23 desimber.

Oh ja, de priis is krekt as foarich jier: 10 foar € 7,50.

**It oaljekoekenkommittee:**

| | |
|---|---|
| Boake Pietersma, Hege Bouwen 1, | tillefoannûmer: 0610649194 |
| Freark Pietersma, Jac. Boomsmastr. 25b, Sondel, | tillefoannûmer: 0651928277 |
| Wieger Pietersma, Lyklamawei 61, | tillefoannûmer: 0630431946 |
| Wiepkje Holtrop, Lyklamawei 49, | tillefoannûmer: 0610547123 |
| Coby Hospes, Hurddraversdyk 95, | tillefoannûmer: 0641696781 |

———————————————————————————-——————————

Namme: ………………………………………………wol graach……….oaljekoeken mei rezinen/ krinten
Of……………………………………………………oaljekoeken sûnder rezinen/ krinten

Ik helje se sels wol / net foar 13.00 oere op.

Mocht it heljen net slagje, dan skeakelje wy de besoarchtsjinst yn.


Wa't
leaf
is
krijt
DE ZAK VAN SINTERKL
'24

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

| | |
|---|---|
| Tanja Adriani | What's the Metta mindfulness en coaching |
| Harmen en Lieske Bangma | Camping De Groninger |
| Albert en Jeannet Bekedam | Vakantiewoningen en groepsaccommodatie |
| Bauke en Hedwig Beukens | Garant Zaden |
| Bed & Breakfast Lyklamastate | Kamers en appartementen |
| Kim van den Brom | Total Support For Marine |
| Jan Buma | Buma Handel |
| Ortwin Dellevoet | Lopifit Gaasterland |
| Johan A. Dijkstra | Dierenarts |
| Jelle Eppinga | Boomkwekerij |
| Runia Fourage BV | Veevoeders |
| Ede Groenhof | Transportbedrijf/verhuizingen |
| Halbe Hielkema | Bouw- en onderhoudsbedrijf |
| Atze Hoekstra | Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport |
| Tryntsje de Jong-Rienstra | Kapsalon Tryntsje |
| Mieke Koot | Generatiethuis |
| Koen Maronier | Yacht Power BV |
| Cees en Johannes v.d. Meer | Van der Meer Mechanisatie |
| Gebroeders Postma | BHP Funderingstechniek |
| Hendrik Postma | Motorenrevisie/reparatie |
| Marijke Postma | Kniphúske kapsalon en nagelstudio |
| Jan-Dirk van der Tol | Feedtuber B.V. |
| Runia Transport Nijemirdum | Transportbedrijf |
| Ruerd Vellinga | Vellinga werkschoenen en -kleding |
| Annoesjka de Vries | Pedicure |
| De Vries | Slagerij, Oudemirdum |
| Ilse Wezepoel | Snuffelplezier |
| Rianne Witteveen | Dsign & printmkr |

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

**DUOFYTS RESERVEARJE:**
Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



**INZAMELINGSPUNTEN:**

| Wat: | Waar: | t.b.v.: |
|---|---|---|
| Plastic doppen van flessen, tubes, potten en bussen | Fam. Strampel, Heaburgen 1 | KNGF blindegeleide-honden. |
| Inkt-cartridges, toners en oude mobieltjes | Fam. Hoekstra, Hoitebuorren 18a | Stichting Kinderhulp Oeganda |
| Metalen/blikjes/doppen/ deksels/spuitbussen | Fam. Rienstra, Omrin 14 | STOPhersentumoren.nl |

.



# AGINDA

| | |
|---|---|
| 29 novimber | Snackjûn doarpshûs + skuon opsette foar bern |
| 30 novimber | Sinteklaasjûn 19.00 oere |
| 28 desimber | Klaverjasse |
| 31 desimber | Oaljekoekenbakkerij |
| 1 jannewaris | Doarpshûs: 0.15 oere iepen – nijjierswinskje |
| | 17.00 oere iepen foar snacks |
| 5 febrewaris | Ledegearkomste doarpsbelang 19.30 oere |

**IT FOLGJENDE KRANTSJE** ferskynt op freed 27 desimber

**KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 16 desimber**
by ien fan de redaksjeleden
in e-mail stjoere kin ek: **redaksje.doarpsnijs@gmail.com**